

Examen HAVO

2021

tijdvak 1
dinsdag 1 juni
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 36 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 43 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

Tekst 1 Sichtber wêze yn de mienskip

Yn de ynlieding boppe de tekst neamt Warmerdam himsels in minskeminsk.

- 1p 1 Sitearje de sin út alinea 1 dy't it bêste in karakterisearring fan dat begryp jout.
- 1p 2 Wat is it ferbân tusken “Sa'n petear is net maklik” (r. 16) en “mar asto ... te wêzen.” (r. 16-19)?
- A It is in foarweardlik ferbân.
 - B It is in oanfoljend ferbân.
 - C It is in oarsaaklik ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.

De volgende inleiding hoort bij de vragen 3 en 4.

“It is ús taak om de trouwe abonnees, want dat binne se, troch it komplekse, gaoatyske lânskip te lieden.” (r. 25-28)

- 1p 3 Wat bedoelt Warmerdam yn dy sin mei it wurd ‘lânskip’?
- A berjochten en ferhalen
 - B de *Leeuwarder Courant*
 - C de wrâld om ús hinne
 - D ferskate media
- 1p 4 Hokker stylmiddel brûkt de skriuwer yn dy sin?
- A ferliking
 - B metafoar
 - C paradoks
 - D personifikaasje

Ut de tekst docht bliken dat Warmerdam fynt dat de papieren ferzje fan de krante bestean bliuwe moat.

- 2p 5 Hokker twa arguminten hat Warmerdam dêrfoar? Helje dyn antwurd út de alinea's 1 oant en mei 3.
- 1p 6 Hoe kinst de relaasje tusken de alinea's 3 en 4 it bêste oantsjutte?
- A Alinea 4 jout in ferklearring by wat yn alinea 3 sein is.
 - B Alinea 4 jout in konklúzje fan wat yn alinea 3 sein is.
 - C Alinea 4 jout in útwurking fan wat yn alinea 3 sein is.
 - D Alinea 4 jout in wjerlizzing by wat yn alinea 3 sein is.

Alinea 4 giet oer de wurkwize fan de redaksje.

- 1p 7 Hoe soest de beide eleminten yn dy wurkwize it bêste oantsjutte kinne?
- A koers en refleksje
 - B oerlis en útwurking
 - C ûnderwerpen en fragen

Yn alinea 2 stiet: “It is ús taak om de trouwe abonnees, want dat binne se, troch it komplekse, gaoatyske lânskip te lieden.” (r. 25-28)

2p 8 Neam twa manieren hoe't de redaksje dat dwaan moat, neffens Warmerdam.

Helje dyn antwurd út de alinea's 3 oant en mei 5.

“it mei wol wat prikeljender” (r. 91)

1p 9 Wat bedoelt Warmerdam mei dy útspraak?

- A De ynhâld fan de stikken mei wol mear ta neitinken oansette.
- B De krante mei wol wat faker stikelige ûnderwerpen behannelje.
- C De redaksje mei wol mear iepen stean foar krityk fan lêzers.

“Want dat wolle wy perfoarst.” (r. 110-111)

1p 10 Wêr ferwiist it wurd ‘dat’ nei?

“Myn ferbliuw yn it bûtenlân hat myn blik ferromme.” (r. 112-113)

1p 11 Wat is it ferbân tusken dy sin en de rest fan alinea 8?

- A It is in konkludearjend ferbân.
- B It is in oanfoljend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

“As provinsje ... net minder.” (r. 125-134)

1p 12 Hoe kin dat tekstpart it bêst omskreaun wurde?

- A It is in advys.
- B It is in fyzje.
- C It is in konstatearring.
- D It is in útlis.

De titel fan dizze tekst is ‘Sichtber wêze yn de mienskip’.

2p 13 Op hokker twa wizen wol Warmerdam de krante oanslute litten by wat der libbet yn de provinsje?

Helje dyn antwurd út de alinea's 4 oant en mei 7.

1p 14 Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer mei dizze tekst?

- A amusearje
- B ynformearje
- C ynstruearje
- D oertsjûgje

1p 15 Hokker doel hat Warmerdam benammen foar eagen?

- A amusearje en ynstruearje
- B ynformearje en oertsjûgje
- C ynstruearje en ynformearje
- D oertsjûgje en amusearje

Tekst 2 Frysk amateurtoaniel, hûndert jier freonskip op de planken

“dy’t it oandoarden om beoardiele te wurden.” (r. 15-16)

1p 16 Hokker twa opienfolgjende wurden út alinea 1 jouwe likernôch itselde wer?

1p 17 Hoe kinst alinea 2 it bêste ûnder wurden bringe?

- A Alinea 2 is de persoanlike ûnderfining fan de skriuwer mei it bywenjen fan de Toanielkriich.
- B Alinea 2 is in beskriuwing fan hoe’t it der by de Toanielkriich yn it begjin om en ta gie.
- C Alinea 2 is in skets fan de wurkwize fan de Toanielkriich by in spesifike útfiering.
- D Alinea 2 is in werjefte fan de doelen dy’t by it oprjochtsjen fan de Toanielkriich opsteld binne.

Oer de oanwizingen yn it toanielboekje seit de skriuwer: “O wee; dêr moast men neffens hannelje!” (r. 36-38)

1p 18 Hoe kinst dy útspraak karakterisearje?

- A as in feitlike konklúzje oer hoe’t men dy oanwizingen beseach
- B as in yllustraasje fan it belang dat men oan dy oanwizingen hechte
- C as in miening oer de wize hoe’t mei dy oanwizingen omgien waard
- D as in utering fan hoe’t men neffens him dy oanwizingen útfiere soe

1p 19 Hokker tuskenkopke jout de kearn fan alinea 3 it bêste wer?

- A de top fan de Toanielkriich
- B geandewei mear dielnimmers
- C in protte selskippen
- D Slútjûnen yn Drachten

“It is net mear in kwestje fan de master en de feint.” (r. 61-62)

2p 20 Wêr ferwize de wurden ‘master’ en ‘feint’ nei yn it ljocht fan alinea 4?

1p 21 Wat is de kearn fan de yn alinea 4 beskreaune feroaringen?

- A De posysje fan toanielploegen yn de maatskippij is wichtiger wurden.
- B De rol fan de regisseur is ferskood nei begelieder fan it selskip.
- C De romte foar eigen ynterpretaasje troch de spilers is tanommen.

Yn alinea 6 wurdt in feroaring beskreaun.

3p 22 Neam **de feroaring**, en jou oan wat **it doel** is fan de feroaring en **it gefolch** derfan.

Alinea 8 begjint mei de sin: "Dat hat syn wjerlach op de selskippen."
(r. 119-120)

- 1p 23 Wat is it ferbân tusken alinea 7 en dy sin?
- A It is in konkludearjend ferbân.
 - B It is in oanfoljend ferbân.
 - C It is in oarsaaklik ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 24 Hokker oanbefelling docht de skriuwer yn alinea 9?
- A Advisearje benammen oer saken om it toanielspul sels hinne.
 - B Belûk by de beoardieling ek oare ûnderdielen fan in produksje.
 - C Lied yn de selskippen sels spesjalisten op foar alle aspekten.
 - D Rjochtsje begelieding op de winsken fan in selskip.

Yn de tekst wurdt in tiidline sketst fan de ûntjouwingen yn de Toanielkriich. De ûntjouwingen stean yn ûndersteand skema. Under it skema stean trije beskriuwingen.

ûntjouwingen	beskriuwing (letter)
1 1918 is it begjin fan de Toanielkriich.	
2 Yn de jierren '90 fan de foarige iuw is der it hichtepunt fan de Toanielkriich.	
3 Dielname oan de Toanielkriich nimt ôf.	

Beskriuwing a: beoardieling fan bûtenôf liket oerstallich te wêzen

Beskriuwing b: selskippen doare it oan om beoardiele te wurden

Beskriuwing c: der is in soad romte foar de beoardieling fan bûtenôf

- 1p 25 Notearje yn it skema efter eltse ûntjouwing de letter fan de bêst passende beskriuwing neffens de tekst.
- 1p 26 Wat wol de skriuwer benammen berikke mei dizze tekst?
- A De skriuwer wol de lêzer ferdivedearje troch in byld te sketsen fan de Fryske toanielwrâld fan de ôfrûne 100 jier.
 - B De skriuwer wol de lêzer ynformearje oer de ûntjouwing fan de provinsjale Toanielkriich troch de jierren hinne.
 - C De skriuwer wol de lêzer oantrune ta it koesterjen fan de Fryske toanielwrâld en de Toanielkriich yn it bysûnder.
 - D De skriuwer wol de lêzer oertsjûgje fan it belang fan in goede beoardieling fan toanielútfieringen troch betûfte karmasters.

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

Tekst 3 De histoaryske wierheid fan de film Redbad

- 1p 27 Wat is de wichtichste funksje fan alinea 1?
A Alinea 1 jout in betingst.
B Alinea 1 jout in ekskús.
C Alinea 1 jout in oanlieding.
D Alinea 1 jout in restriksje.
- 2p 28 Hokker twa arguminten wurde oandroegen foar it feit dat der net foar it Frysk keazen is as fiertaal yn de film?
- 1p 29 Mei hokker wurd út alinea 4 wurdt de film Redbad oantsjut?
- “Der binne allinnich mar archeologyske boarnen” (r. 66-67)
- 1p 30 Ta watfoar idee oer Redbad hawwe dy boarnen laat?
- 1p 31 Hokker konklúzje oer de film Redbad kinst lûke op basis fan alinea 5?
A De film docht in tige grut berop op de fantasy fan de sjogger.
B De film is benammen ynspirearre troch archeologyske fynsten.
C De film wurdt boykotte troch in protte histoarysy en akademisy.
- 1p 32 Wat is it ferbân tusken de earste sin fan alinea 6 en it oare part fan alinea 6?
A It is in foarweardlik ferbân.
B It is in konkludearjend ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân.
- Yn alinea 7 lûkt Jensma in konklúzje.
- 1p 33 Hokker kanttekening kinst meitsje by de hâldberens fan dy konklúzje? Helje it antwurd út it begjin fan de tekst.
- De volgende inleiding hoort bij de vragen 34 en 35.*
- Jensma jout yn de tekst syn miening oer in oantal aspekten fan de film.
- 1p 34 Wat tinkt Jensma fan de miening fan de filmmakkers wat de taal oanbelanget?
- 1p 35 Wat is de miening fan Jensma oer hoe't de film de ûnderwerpen behannelet?
- 1p 36 Wat is it wichtichste skriuwdoel fan de skriuwer?
A ferdivedearje en ynformearje
B ferdivedearje en oertsjûgje
C ynformearje en oertsjûgje

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.